

## 21<sup>e</sup> Frans Twijnstra merke partij yn Gaast

Op 11 july 2015 wie de jierlikse Gaaster Merke partij. Dit jier stienen der 14 partoer op de list. Om healwei 10 waard it iepene mei it traditionele gedicht en waarden de partoeren bekent makke under it genot fan in bakje kofje en in stikje gebak. Run in oere as 10 gienen de earste partijen los. Eltsenien kaam skerp en fanatiek ut de startblokken dus dan kinne we wol sizze dat der spannend keatst is. En dat klopt, de measte partijen eindigen op 5-4 of 5-5. Nei de earste omloop wie der noch netien partoer dy't der mei kop en skouders bovenut roen dus dit koe wol ris in spannende dei wurde. Yn'e 2<sup>e</sup> omloop koenen we sjen dat ferskate partoeren hun enerjy aardig fersjitten hienen dus doe kaam der al mear ferskil yn it oantal earsten.

De earste heale finale fan'e ferliezers gie tusken de partoeren fan Dennis Galema, Edzer Hiemstra en Sanna Stellingwerf tsjin Sytze Stellingwerf, Gyanne Hiemstra en Tjitske van Kalsbeek. It partoer fan Sytze Stellingwerf cs wie wat utkeatst dus nei de finale gie it partoer fan Dennis Galema cs. mei 5-0 6-2. De oare heale finale gie tusken Gerben de Boer, Trijntje Hoekstra en Annemieke Zonderland tsjin Jan Stellingwerf, Anne Thomas Oostenveld en Maaike de Groot. Yn dizze partij waard der spannend keatst en Gerben de Boer stie poerbest ut te slaan dus wie der yn it perk gjin bal fertroud. Mar syn tsjinstander Jan Stellingwerf cs. kaam letter ek aardig op dreef yn it perk dat it waard ek noch efkes spannend. De oerwinning gie nei Gerben de Boer cs mei 5-3 6-2.

De finale fan'e ferliezersronde gie tusken Dennis Galema cs. tsjin Gerben de Boer cs. Hjir kinne we einliks net folle oer fertelle want Dennis Galema cs. wie oppermachtich en ha wun mei 5-0 6-6.

Yn'e winnaarsronde gie de earste heale finale tusken Pieter Westra en Joukje Hoesktra tsjin Jelle Attema, Jacob de Groot en Wietske Buma. It gie yn it begin lyk op mar der waard slim keatst troch Pieter Westra cs. en wun mei 5-3 6-6. De oare heale finale wie tusken Auke Geert Ybema, Dooitze de Boer en Beau Talsma tsjin Pieter van der Valk, Wietse Adema en Marieke de Vries. It partoer fan Auke Geert Ybema kwam sterk ut de startblokken en dat resulteerde yn in moaie foarsprong en dat ha se ek net mear ferspile. Meskien hie Pieter syn kop der efkes net by want dy is tusken de omlopen troch noch efkes nei de pleats west om 3 keallen te fangen, meskien is it dertroch dat de kening fan 2014 it no net rede koe. It waard 5-1 6-6 foar Auke Geert Ybema cs.

Yn'e finale wie it Pieter Westra cs tsjin Auke Geert Ybema cs. De partij startte flot en Pieter Westra stoen samar 2-0 foar. Troch sterk opslagwurk fan Beau en Dooitze wie der gjin bal fertroud foar in perk en allrounder Auke Geert Ybema der by kamen dy werom en ha de partij wun mei 5-3 6-6.

### Winnaarsronde

1<sup>e</sup>

Auke-Geert Ybema (k)

Dooitze de Boer

Beau Talsma

2<sup>e</sup>

Pieter Westra

Joukje Hoekstra

3<sup>e</sup>

Pieter van der Valk

Wietse Adema

Marieke de Vries

Jelle Attema

Jacob de Groot

Wietske Buma

### Ferliezersronde

1<sup>e</sup>

Dennis Galema

Edzer Hiemstra

Sanna Stellingwerf

2<sup>e</sup>

Gerben de Boer

Trijntje Hoekstra

Annemieke Zonderland



Winnaars Frans Twijnstra Merke partij 2015